



IT SKRIUWERSBÛN

Ôfspraken Tresoar en it Skriuwersbûn

23 oktober 2023

Oanwêzich: Marijke de Boer en Arjen Dijkstra fan Tresoar, Ammerins Moss-de Boer, Jan Hendrik Woudstra en Willem Verf fan it Skriuwersbûn

Gearwurkingsoerienkomst

It konsept fan novimber 2022 wurdt bysteld op de folgjende punten:

- Der is net twa kear jiers oerlis dêr't de direkteur fan Tresoar by is, mar ien kear, jierliks yn oktober.
- De permaninte tentoanstelling oer de Fryske literatuer sil der wis komme, mar Tresoar is noch net út 'e rie yn wat foarm dat wêze sil. Dus it meitinken en rieplachtsjen fan it Skriuwersbûn of oare tredde organisaasjes wol Tresoar earst noch net dwaan. Yntern wol men earst de kontoeren fan it plan klear hawwe. Sadree't it safier is sil Tresoar mei it Bûn kontakt opnimme.

Arjen Dijkstra fynt it in prima idee om de ûndertekening fan de bystelde gearwurkingsoerienkomst (taheakke) publyklik te dwaan, en dêr parse en relevante oaren foar út te nûgjen. It Bûn giet hjir graach yn mei.

Kontaktpersoanen

Marijke de Boer sil tenei it fêste oansprekpunt foar it Skriuwersbûn wêze. Foar it Skriuwersbûn is de sekretaris, Ammerins Moss-de Boer, dejinge dy't earste kontaktpersoan foar Tresoar is.

Bestjoerlike ûntwikkelingen by Tresoar

Spitigernôch is der noch gjin dúdlikens oer de bestjoerlike takomst fan Tresoar. Ynearsten is it noch in mienskiplike regeling fan it Ryk, de Provinsje en de stichting FLMD. It Ryk is lykwols noch altyd fan doel om him hjirút werom te lûken de bestjoerlike mei-ferantwurdlikens te beëinigen. Der sil in protte ôfhingje fan de útkomsten fan it oerlis oer de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer tusken Provinsje en Ryk. Nei ferwachting komt der pas yn de maaitiid fan 2024 dúdlikheid oer.

PCHP

Yn de maaitiid fan 2024 sil it Skriuwersbûn wer in oanrikkemandaasje dwaan oan bestjoer en sjuery fan de stichting P.C. Hooft-prijs. It giet dis' kear om proaza-skriuwers. Tresoar wol it Skriuwersbûn hjirby stipe biede. Foar bygelyks fan bûten yn te hieren administrative stipe mei in bedrach tusken de € 500 en € 1000. Ek kin de wurkgroep dy't de oanrikkemandaasje opstelt fergees gearkomme yn Tresoar. It Bûn wol graach dat in saakkundich persoan fan Tresoar de gearkomsten bywennet en de wurkgroep aktyf advisearret. Tresoar soe it o.k. fine as Jelle Krol dy rol op him nimme wol, mar Jelle moat hjir al sels mei ynstimme. Ôfpraat wurdt dat Willem Verf hjiroer yn petear gean sil mei Jelle. (Dat petear hat ûndertusken plak fûn en Jelle stipet de kommisje graach).

Needgjalp Skriuwersbûn rjochting provinsjale polityk

Tresoar hat hjir kennis fan naam, en sil it stribjen fan it Bûn oer mear fasiliteiten foar de promoasje fan de Fryske Skriuwerij wêr mooglik stipe jaan. Ynstimme mei de letterlike tekst sil Tresoar net dwaan; der wurde yn it brief fan it Bûn oan DS bygelyks opmerkingen makke oer it funksjonearjen fan Tresoar yn de achter ús lizzende jierren, dy bliuwe foar rekken fan it Bûn.